

KONTOERESKETS OMJOUINGSFIZY FRYSLÂN

*‘In werkenber Fryslân, klear foar de
takomst’*



Ynhâld

1	Ynlieding	4
1.1	Wêrom in nije Omjouwingsfisy	4
1.2	Fan Kontoereskets nei Omjouwingsfyzje: Planning en Gearwurking	4
1.3	Lêswizer	5
2	Fryslân yn in feroarjende wrâld; de wichtichste opjeften dêr't wy foar steane	6
2.1	Trends en Untwikkelings	6
2.2	De opjeften dêr't wy yn Fryslân foar steane	8
2.3	Ofhinklikheden en útdagings	9
2.4	Ambysje, liedende prinsipes en Oerkoepeljende opjeften	11
3	Trije gearhingjende bewegings	14
3.1	Beweging 1: in sterke lânbou en natuer yn in klimaatbestindich Fryslân	15
3.2	Beweging 2: nei in fossylfrije en sirkulêre mienskip	19
3.3	Beweging 3: Nei sterke stêden en doarpen, yn in leefber, fitaal en ferbûn Fryslân	24
4	Ta beslút: de rjochtingjouwende kontoeren	29

1 Ynliding

1.1 Wêrom in nije Omjouwingsfisy

Yn 2020 hawwe Provinsjale Steaten de Omjouwingsfyzje *De romte diele* fêststeld; ûnder artikel 3.2 fan de nije Omjouwingswet hat dy de status fan in strategysk beliedsdokumint.

Yn de Omjouwingsfyzje steane de ambysjes en doelen foar de Fryske leefomjouwing. De hjoeddeistige opjeften op it mêd fan ûnder oare klimaat, enerzjy, wenningbou, lânbou en natuer freegje lykwols om mear gearhing, rjochting en dúdlike karren. Dêrneist hawwe wy dêroer nij ynsjoch yn opdien. En út ús analyse fan de Fryske leefomjouwing, de *Leefomgevingsfoto*, docht bliken dat ferskate kwaliteiten dêrfan ekstra omtinken fertsjinje. Koartsein: wy sjogge genôch oanlieding om ús Omjouwingsfyzje te fernijen. De Provinsje hat de rezjy oer de boppelokale opjeften en is ferantwurdlik foar de romtlike fyzjefoarming op provinsjaal nivo.

Yn de nije Omjouwingsfyzje sille wy in ynspirearjend en útnûgjend takomstperspektyf biede op de fysike leefomjouwing fan Fryslân. It giet om alle aspekten dêrfan, lykas de ynrjochting fan de romte, wetter en boaiem, lânbou, natuer, lânskip, miljeu, mobiliteit, wenjen, wurkjen en rekreaasje. Sintraal steane de driuwende opjeften. Dy moatte in goede ynfolling en plak yn de romte krije, sadat wy ek yn 'e takomst noflik yn Fryslân libje kinne.

As tuskenprodukt presintearret dizze *Kontoereskets* de haadlinen fan de wichtichste karren foar de Fryske leefomjouwing rjochting 2050. Hjirnei sette wy de koers út foar de fernijing fan de Omjouwingsfyzje. De nije fyzje sil ynfolling en rjochting jaan oan de opjeften. Sintraal stiet de balâns tusken it beskermjen en it brûken fan ús fysike leefomjouwing *mêi* romtlike kwaliteit, lykas ek yn de Omjouwingswet beskreaun stiet.

De fyzje foarmet de grûn foar útwurking yn 'e Omjouwingsferoarding, Omjouwingsprogramma's en gemeentlike Omjouwingsplannen. Provinsjale Omjouwingsprogramma's sette de ambysjes út de Omjouwingsfyzje oer yn konkrete maatregels en útfieringsstratezjen. Se biede fleksibiliteit om tematyske of gebiertsjochte opjeften doelrjochte oan te pakken en kinne ynspylje op feroarjende omstannichheden. De provinsje kin dêrnei romtlike ûntwikkelings rjochting jaan mei beliedskarren en in gearhingjende oanpak garandearje.

Wy sille de Omjouwingsfyzje geregeld hifkje en wêr't it fan neden is, oanpasse. Sa bliuwt de fyzje aktueel en fleksibel foar nije ûntwikkelings en evaluaasjes (beliedssykclus).

1.2 Fan Kontoereskets nei Omjouwingsfyzje: Planning en Gearwurking

Om de driuwende opjeften yn Fryslân en Noard-Nederlân oan te pakken, is gearwurking tusken oerheden needsaaklik. Dêrby wurkje wy as ien oerheid, ek oer provinsjegrinzen hinne. Om te kommen ta de kontoeren hat in partisipaasje- en konsultaasjepaad plakfûn mei provinsjale kollega's, oare oerheden en maatskiplike organisaasjes (sjoch taheakke 4).

Yn tematyske sprintgroepen binne opjeften útwurke binnen trije perspektiven en ferskate kearen hifke yn bredere sesjes. Yn dat proses kaam nei foaren dat de provinsje benammen stjoere moat op boppe-lokale fraachstikken, en rekken hâlde mei de spesifike skaaimerken fan gebieten binnen Fryslân. Gearwurking mei ús partners bliuwt krúsjaal yn it fierdere útwurkjen, sadat de Omjouwingsfyzje breed droegen wurdt en rjochting jout oan de takomstige romtlike ûntwikkeling fan Fryslân. Wy stelle dêr in partisipaasjeplan foar op.

Wy fiere de rezjy oer it ferfolchpaad nei in ûntwerp-Omjouwingsfyzje. Dêrby jouwe wy fierdere ynfolling oan de kontoeren. Dat betsjut dat wy konkrete karren meitsje en ûnderboude ôfwagings formulearje binnen dizze kontoeren. It doel is om ein 2025 in ûntwerp-Omjouwingsfyzje klear te hawwen, dy't dan begjin 2026 op besjen leit, sadat dy yn 'e simmer fan 2026 fêststeld wurde kin troch Provinsjale Steaten.

Wetlik is foar in Omjouwingsfyzje in Miljeu-effektrapportearring ferplichte. Dy jout ynsjoch yn de miljeu-effekten fan de wichtichste karren. De Miljeu-effektrapportearring breidzje wy út ta in Omjouwingseffektrapportearring (OER). Njonken de miljeu-effekten wurdt dêrby ek sjoen nei de sosjale en ekonomyske effekten. Dy OER jout sa in yntegraal ûnderboude grûnslach foar de karren, dy't rjochte binne op it realisearjen fan ús ambysje en brede wolfeart yn Fryslân. Foar dizze Kontoereskets hawwe wy in Beoardieling op haadlinen útfiere litten (sjoch taheakke B). Dy jout ynsjoch yn de effekten fan de earste oplossingsrjochtings.

1.3 Lêswizer


Haadstik 2 giet yn op trends en ûntwikkelingen en op de grutste opjeften dêr't wy yn Fryslân mei de Omjouwingsfyzje foar steane. Yn haadstik 3 wurde de ambysje, liedende prinsipes, oerkoepeljende opjeften en trije gearhingjende bewegingen foar de nije Omjouwingsfyzje sketst. Haadstik 4 beskriuwt dêrnei de kontoeren per beweging. Dy foarmje de kearn fan de bestjoerlike rjochtings. Gearfetsjend sette wy yn op:

*Beweging 1. Nei in sterke lânbou en natuer yn in klimaatrobúst Fryslân
fêsthâlden fan swiet wetter – tsjinwurkje fan fersâltig fan klaai en ferskraling fan sân – útfiering fan it Feangreideprogramma – romte foar wetteropfang – takomstbestindige lânbou en rike natuer – ekstra ynset foar beekdellings, feangreide, Natura 2000, drinkwetterwinningsgebieten – lânbouhaadstruktuer en natuerhaadstruktuer*

*Beweging 2. Nei in fossylfrije en sirkulêre mienskip
fersterkjen fan de ekonomyske struktuer – skeakelfunksje tusken de Rânstêd en Noardeast-Europa – romte foar grutskalige bedriuwichheid (>3 ha) – stimulearjen fan wetterbûne bedriuwen – tydlik mear romte foar sinne- en wynenerzjy – ferbetterjen fan berikberens mei it iepenbier ferfier*

*Beweging 3. Nei sterke stêden en doarpen, yn in leefber, fitaal en ferbûn Fryslân
in oantreklike wen- en wurkprovinsje mei in sterk Frysk stedelik netwurk – fitale regio-stêden en regionale sintra foar wurkgelegenheid en fersoarging fan omlizzende regio's – oare doarpen foar in libbendich en leefber plattelân – gastfrijseconomy dy't past by it karakter en de skaal fan de regio*

HOE KOMEN WE TOT ONTWERP OMGEVINGSVISIE?



2 Fryslân yn in feroarjende wrâld; de wichtichste opjeften dêr't wy foar steane

Fryslân is in provinsje fan rêst en romte, in relatyf skjin miljeu, karakteristike stêden en doarpen, weardefolle lânskippen, erfgoed en natuer, in sterke identiteit en maatskiplike gearhing. Allegear saken dy't minsken lokkich meitsje. Dat docht ek bliken út de mjitte fan brede wolfeart: hoewol't ús ynkommen trochsneed leger leit as lanlik, skoare wy better op aspekten lykas betrouwen yn minsken, miljeu, tefredenens oer wenjen en feiligens¹. Koartsein, der is in soad om te koesterjen, benammen yn in tiid fan grutte feroarings. Tagelyk binne wy ús derfan bewust dat dit net fansels sprekt. Der komme feroarings op ús ôf dêr't antwurden op komme moatte om Fryslân leefber en fitaal te hâlden. Wy sketse earst in tal trends en ûntwikkelings en beneame dêrnei de grutste opjeften dêr't wy foar steane.

2.1 Trends en ûntwikkelings

It tal ynwenners fan Fryslân sil oant 2050 tanimme mei sa'n 27.000 minsken (4%); dêrnei nimt de befolking ôf². De groei komt troch ynlânske en bûtenlânske migraasje; de natuerlike oanwaaks is negatyf. De befolking wurdt oer it generaal âlder, it tal jongerein nimt ôf. Troch dy ûntwikkeling krimpt it potinsjeel oan beropsbefolking (15 o/m 75 jier) oant 2050 mei 5%. Tagelyk nimt de soarch foar âlderein ta en hawwe ek oare sektoaren te krijen mei persoanstekorten. Foarsjennings lykas skoallen en supermerken kinne benammen op it plattelân ûnder druk komme te stean.

It tal húshâldens sil foarearst fierder tanimme, foaral troch de groei fan it tal ienpersoanshúshâldens. Dat freget om oare wenningtypen en liedt no al ta wenningtekoarten. Njonken it oantal wenten is benammen fan belang dat de goede wenten derby komme. Dat kin goed kombinearre wurde mei it opknappen fan de besteande wenningfoarrie.

Troch skaalfergrutting, online bestellingen en feroarjende befolkingsgearstalling binne foarsjennings ferdwûn, benammen op it plattelân. De ôfstân ta foarsjennings is grutter wurden en de berikberens minder. Yn de takomst kin dat benammen foar âlderein en minsken sûnder auto neidieliger útpakke.


Fryslân is in lânbouprovinsje mei in grutte diversiteit oan agraryske bedriuwen (boerdiversiteit), en benammen in sterke posysje fan de molkfeehâlderij en de akkerbou. Njonken de ekonomyske betsjutting is de lânbou ek wichtich foar it behear fan it lânskip en de natuer, en foar de leefberens en sosjale gearhing op it plattelân. Troch ynternasjonale spanningen wurdt it belang fan fiedselwissigens grutter. Om ta in takomstbestindige lânbou te kommen, moat de miljeubelesting fan de agraryske produksje omleech.

Fryslân leit yn de ljite fan grutte ekonomyske sintra. Dochs hat Fryslân in tal sterke ekonomyske sektoaren³, foaral op it mêd fan duorsumens en sirkulêre ekonomy. Mear oansluting op oare ekonomyske sintra sil de Fryske ekonomy ynnovativer en wjerstânfêst meitsje tsjin ynternasjonale ûntwikkelingen. Dat kin ek nije ynwenners lûke en sa de beropsbefolking op peil hâlde. Fryslân kin dêrnei in skeakelfunksje ferfolje tusken de Rânestêd en Dútslân/Noardeast-Europa.

¹ Regionale Monitor Brede Welvaart 2024, Planbureau Fryslân;

² De prognoses binne basearre op de Factsheet Bevolkings- en Huishoudensprognose Trendraming 2024-2050, provinsje Fryslân 2025; Planbureau Fryslân, Monitor bevolking, 2024; CBS, bevolkingsstatistieken, 2024.

³ Sjoch de Economische Samenwerkingsagenda Fryslân Blue Delta en de provinsjale Beleidsbrief Economie (2025-2030)



Hoofdinfrastuctuur goederenstromen over land en water en knooppunten, gebaseerd op verkenning min. I&W, 2024


De farrûtes Lemmer–Delfsyl en Harns–Delfsyl hearre by it Europeesk TEN-T kearnnetwurk North Sea–Baltic corridor. De mooglik oanlis fan de Lelyline nei 2040 sil de ferbining fan Fryslân mei oare dielen fan it lân en ynternasjonaal fersterkje.

De klimaatferoaring konfrontearret ús hieltyd faker mei de gefolgen fan hjiite, lange drûchte en oerfloedige delslach. Der is mear romte foar wetter nedich om mei te beweegejen mei it natuerlik wetter- en boaiemstelsel. Wy silje mear wetter fêsthâlde moatte en de wetterkwaliteit ferbetterje. It klaaigebiet hat benammen lêst fan fersâltting. Op de hegere sângebieten en de Waadeilannen spilet benammen drûchte. Yn it leechlizzende feangebiet sinkt de boaiem troch feanoksidaasje, dêr't ek it broeikasgas CO₂ by frijkomt.

Dat proses wurdt fersterke troch djippe sleatpeilen. De sakjende boaiem feroarsaket skea oan fundearings, diken, riolearing ensfh. De kosten foar wetterbehear rinne op. De kwaliteit fan it feangreidegebiet en de leefberens komme dêrtroch ûnder druk te stean. En it sakjende fean lûkt wetter oan fan de hegere sângebieten, dy't dêrmei fierder drûgje.

Foar de foarsjenning fan swiet wetter yn tiden fan drûchte is Fryslân ôfhinklik fan it Iselmar. Tagelyk hawwe wy in trochfierplicht fan Iselmarwetter nei Grinslân en Drinte. Om Nederlân striidber te meitsjen tsjin tekoarten oan swiet wetter sil de Deltabeslissing swiet wetter (2026) ynfolling jaan oan de lanlike ferdieling fan swiet wetter. Dat hat ynfloed op hoe folle swiet wetter foar Fryslân beskikber is yn tiden fan drûchte. Dúdlik is no al dat selsfoarsjenning en it fêsthâlden fan gebietseigen wetter noch wichtiger wurde.

Wrâldwiid en ek yn Fryslân giet de biodiversiteit efterút. Ferskate minsklike aktiviteiten sette de natuer ûnder druk. Tagelyk binne wy ûnderdiel fan én ôfhinklik fan de natuer, bygelyks foar de bestowing fan gewaaksen. It werombringen fan de natuer is dus ek yn ús eigen belang.



Huidige ecologische hoofdstructuur

De omslach nei in fossylfrije mienskip is yn folle gong. Op dit stuit wurdt in fearns fan de enerzjy yn Fryslân fossylfrij opwekt. Njonken enerzjybesparing is ekstra duorsume opwekkapasiteit nedich om yn 2050 enerzjyneutraal en fossylfrij te wêzen. Ynvestearrings yn genôch netkapasiteit binne needsaaklik om de netkongestje op te lossen. De oergong nei in sirkulêre ekonomy dêr't grûnstoffen yn sirkularje, giet noch in stap fierder: Fryslân profilearret him hjiryn en hat in goede útgongsposysje, mar der is noch in soad wurk te dwaan.

It belang fan de gastfrijheidssektor is tanommen en is binnen de Fryske ekonomy fan grutte betsjutting. Njonken de tradisjonele wettersport wurde kuierjen, fytsen, kultuer- en natuerbelibbing hieltyd populêrder, mei in byhearrende fraach nei (ferbliuws)foarsjennings.

De Waadeilannen, it Iselmar mei syn kuststripe, en de Fryske marren en farrûtes binne magneten foar de gastfrijensekonomy. Sprieding fan de rekreaasjedruk is winsklik om kwaliteiten te behâlden en kânsen op oare plakken yn Fryslân te benutten.

It wurdt drokker yn de ûndjippe en djippe ûndergrûn troch aktiviteiten lykas wetteropslach, drinkwetterwinning, geotermie, enerzjyopslach en delfstofwinning. Der binne kritearia nedich om de belangen tsjin inoar ôf te weagjen en om feilichheid en boaiemkwaliteiten te behâlden.

De Omjouwingsfyzje sil antwurden jaan moatte op dy trends en ûntwikkelingen. Wy moatte op 'e tiid problemen foar wêze. Dêrom wurkje wy mei in perspektyf **op no, aanst (2030–2050) en letter (2050 en fierder)**. Wy hâlde rekken mei in gruttere ûnwissensmarzje foar de fiere takomst.

2.2 De opjeften dêr't wy yn Fryslân foar steane

De maatskippij freget om oplossingen foar inkele grutte fraachstikken. Mei de Omjouwingsfyzje nimt de Provinsje hjir it foartou yn troch it útsetten fan in haadkoers dy't oanslút by de romtlike konsekwinsjes fan de karren en op de balâns tusken it **beskermjen** en **benutten** fan de fysike leefomjouwing. In langjierrige koers ek, dy't tsjin in stjitsje kin én tagelyk de romte biedt om mei ûnwissichheden om te gean.

It is dan earst fan belang om te witten foar hokker opjeften wy no steane en hokker de grutste (romtlike) ympakt hawwe op ús leefomjouwing de kommende jierren. In wiidweidige werjefte fan de opjeften is te finen yn taheakke 2; yn it koart binne dy hjirûnder beneamd:

- Fryslân klimaatbestindich meitsje, wêrby't de wetter - en kustfeiligens op oarder is, der genôch skjin swiet wetter beskikber is, en de gefolgen fan wetteroerlêst beheind wurde;
- It ûntwikkelen fan in perspektyf foar in ferskate en takomstbestindige lânbou en it realisearjen fan in fearkrêftige natuer en herstel fan it bioferskaat,
- De Fryske (kennis)ekonomy fersterkje en sirkulêr meitsje troch it oantrekliker en doelmjittiger meitsjen fan besteande bedriuweterreinen, romte te meitsjen en effisjinter te brûken om sirkulariteit te befoarderjen, en it mear benutten fan frachtferfier oer wetter.
- Romte meitsje foar fossylfrije enerzjy (opwekking, transport, opslach, konferzje), werombringe fan de útstjit fan broeikasgassen en fêstlizze fan CO₂;
- It ûntwikkelen fan in mobiliteitssysteem dat foarsjocht yn passende, feilige, tûke en duorsume mobiliteit en optimale berikberens;
- It realisearjen fan in sterk gearhingjend netwurk fan stêden en doarpen dêr't de wenningbou-opjefte sawol kwantitatyf as kwalitatyf foarm yn krijt. It opknappen en ferduorsumjen fan bestend beboud gebiet heart dêr ek by.
- It op peil hâlden en befoarderjen fan de fitaliteit en leefberens fan de Fryske stêden en doarpen

Dêrnjonken binne der oerkoepeljende opjeften, dy't foar alle earderneamde opjeften fan belang binne:

- It werkenber hâlde fan de Fryske lânskippen en harren kultuerhistoarje en erfgoed en it realisearjen fan mear romtlike kwaliteit
- Rekken hâlde mei de mooglikheden en beheining fan it wetter- en boaiemsysteem;
- In leefomjouwing dy't skjin, feilich en ynklusyf is en de sûnens fan minsken befoarderet.

2.3 Ofhinklikheden en útdagings

By it realisearjen fan de opjeften sjogge wy spannings yn romtegebrûk en romtlike ynrjochting. Yn de nije Omjouwingsfyzje drage wy hjirfoar oplossings oan. Dêrfoar moatte wy earst ynsjoch hawwe yn dizze spanningen. Dit binne de grutste:

As der gjin ekstra ynspannings foar feanbehâld yn it feangreidegebiet dien wurde, sil it fean fierder oksidearje en de boaiem fierder dale. Dat hat gefolgen foar lânbou, natuer en lânskip, wenjen en wurkjen. De badkûp wurdt djipper en it wetterbehear yn en om it gebiet hinne djoerder. Feanbehâld kin dit proses keare. Hjirfoar moatte alle oerheden yn gearwurking mei partijen foar langere tiid yn it gebiet ynvestearje, romte biede foar eksperiminten, en maatregels en (nije) ynstruminten – lykas grûnbank, werferkaveling en grûnruil – doelfêst ynsette. De transysjepaden foar de lânbou⁴ meitsje in ferskaat agrarysk grûngebrûk mooglik. Dêrmei kin it feangebiet in oantreklik blaugrien hert fan Fryslân wurde, sintraal lein yn ferhâlding ta it Fryske stedelik netwurk, mei nije funksjes en in boerdiverse lânbou.

Foar it fersterkjen fan de diken by de Waadsee lâns is romte nedich, binnendyks of bûtendyks. Bûtendyks hawwe wy te krijen mei beheiningen om't it Natura2000-gebiet Waadsee direkt by de tean fan de dyk begjint. Binnendyks giet it ten koste fan weardefolle lânbougrûn. En der lizze doarpen en (weardefolle) bebouwing tsjin de dyk oan.

As de lânbou hân yn hân giet mei minder miljeubelesting en mear natuer, binne de opjeften yn it bûtengebiet makliker te realisearjen. Troch bygelyks funksjekombinaasjes komt dêr ek mear romte foar beskikber. In betingst is wol dat der in folweardich fertsjinmodel ûntstiet.

⁴ De Lânboubeliedsbrieff 2025-2030 Noflik Buorkje yn Fryslân makket yn dit ferbân ûnderskie yn fiif ûntwikkelpaden foar de lânbou: hightech iepen systemen; duorseme systemen; natuer, lânskip en erfgoed; multifunksjonele bedriuwen; hightech sletten systemen.

It útgangspunt yn it Bestjoersakkoart is: lânbougrûn bliuwt lânbougrûn. Foar klimaatadaptaasje, enerzjy, (sirkulêre) ekonomy, wenningbou sil lykwols - nettsjinsteande sa doelmjittich mooglik (mearfâldich) romtegebrûk - ekstra romte nedich wêze. Wol sil yn de ôfwaging fan belangen it belang fan in takomstbestindige lânbou en itensfoarsjenning meiwage moatte. De lânbou-effektrapportazje sil dêr in rol yn spylje.

It stimulearjen fan de (sirkulêre) ekonomy mei ferfier oer wetter freget om in stabyl en in gelikens wetterpeil yn de beropsfarwegen (Fryske boezem) en genôch djippte yn de havens. Benammen de boaiemdelgong yn it feangreidegebiet kin derta liede dat de boezem opdield wurde moat yn ferskate peilfakken mei slûzen. De seehaven Harns hat te krijen mei tichtslykjende slinken; sûnder ekstra maatregels kin de haven op termyn ûnberikber wurde.

It PM-kanaal en Van Harinxmakanaal binne de wichtichste beropsfarwegen yn Fryslân. In konsintraasje fan wetterbûne bedriuwen by dy kanalen liket dan ek logysk. Boppedat ûntwikkelet de beropsfeart him rjochting lytsere skippen mei minder djipgong. By in groeiende potinsje fan ferfier oer wetter is mear sprieding fan havens in tinkbere opsje. Oanlis fan de Lelyline troch it Ryk is foarsjoen nei 2040. De Lelyline kin ta mear fraach nei wenningen en wurklokaasjes liede.

Yn de multyfunksjonele stedsrânen komme in soad opjeften by elkoar dy't romte freegje. Wy wolle hjir ek oantreklike stedsrânen realisearje mei nije kwaliteiten (wetter en grien, lânskip en rekreaasje). Foar bygelyks eigen enerzjyopwekking is op bedriuweterreinen of yn'e stedsrâne net altyd genôch romte te finen. Yn dizze heech-dynamyske gebieten is de romtlike puzzel kompleks. Soks freget om rezjy en gearwurking op grûn fan goede ûntwerpen, dêr't mearfâldich romtegebrûk sintraal yn stiet.

Konsintraasje fan gruttere klusters wyn - en sinne-enerzjy by de (middel)grutte enerzjyferbrûkers ûntlêst it elektrisiteitsnet en draacht by oan in betelbere en betroubere enerzjyfoarsjenning. De ympakt op de omjouwing is wol relatyf grut. Lytsere klusters wyn - en sinne-enerzjy hawwe minder ympakt op harren omjouwing. Der binne lykwols mear fan nedich, ferspraat oer de provinsje. Dêrneist fergruttet sprieding it risiko op netkongestje en kostet it jild om de klusters op it provinsjaal enerzjynetwurk oan te sluten.

Dy opjeften en útdagings komme werom yn de oplossingsrjochtings fan de trije bewegings.



2.4 Ambysje, liedende prinsipes en Oerkoepeljende opjeften


Ambysje

Yn it ljocht fan de sketste opjeften en kwaliteiten fan Fryslân is ús haadambysje:
Werkenber Fryslân, klear foar de takomst, mei sterke stêden en doarpen, yn in lânskip fan wrâldklasse.

Mei dizze ambysje moat de Fryske leefomjouwing bydrage oan de brede wolfeart fan alle Friezen. Dat betsjut net foar hiel Fryslân itselde. De opjeften ferskille per gebiet, en dêrmei ek de oplossingen. Dat komt trochdat de skaaimerken fan it wetter- en boaiemstelsel, lykas de ekonomyske, ekologyske, kulturele en sosjale skaaimerken, faninoar ferskille. It lânskip en de dêrby hearrende grûntypen foarmje in wichtich útgangspunt foar ús gebietsyndieling. Yn haadlinen binne der fjouwer gebieten: klaai, fean, sân en de eilannen.

Om de ambysje fan in werkenber en takomstbestindich Fryslân te kombinearjen mei alle (maatskiplike) opjeften is in yntegrale oanpak nedich. Wy benaderje de opjeften dêrom net los faninoar, mar yn klusters fan opjeften. Dy klusters hawwe wy 'bewegingen' neamd. De trije bewegingen binne:

1. nei in sterke lânbou en natuer yn in klimaatbestindich Fryslân;
2. nei in fossylfrije en sirkulêre mienskip;
3. nei sterke stêden en doarpen, yn in leefber, fitaal en ferbûn Fryslân.



Dêrnjonken binne der oerkoepeljende opjeften dy't by elke beweging spylje (sjoch hjirnei). Wy nimme dy mei yn ús ôfwagings yn de foarm fan liedende prinsipes. Yn 'De romte diele' meitsje wy no al gebrûk fan ynhâldlike, liedende prinsipes. Dy stypje ús om mei-inoar, fia maatwurk, passende oplossingen te finen. Yn de nije Omjouwingsfyzje wurkje wy dy prinsipes fierder út, sadat se konkreet rjochting jaan kinne oan nije ûntwikkelingen.

Liedende prinsipes

De besteande prinsipes dy't wy oernimme en yn de nije Omjouwingsfyzje konkreet útwurkje:

- Mearfâldich en sunich romtegebrûk: wy brûke de Fryske romte doelmjittich en tûk, bygelyks troch funksjes te kombinearjen.
- Romtlike kwaliteit as ûntwerpbasis: ûntwikkelingen bouwe fierder op besteande kwaliteiten. Ofhinklik fan de aard en skaal fan de ûntwikkeling giet it dêrby om ynpassen, oanpassen fan in gebiet of transformearjen.

- Opjeften keppelje en ferbine: wy stimulearje dat projekten en ûntwikkelingen fan it begjin ôf bydrage oan ferskate opjeften en ambysjes.
- In sûne en feilige libbensomjouwing: wy nimme dy tema's fan it begjin ôf mei yn plannen en meitsje gebrûk fan de kennis fan partijen oer de ynfloed fan de fysike libbensomjouwing op sûnens en feiligens.

Nij binne de prinsipes:

- Klimaatrobúst en taret op takomstige omstannichheden: de romtlike ynrjochting wurdt opset fanút de ûnderste laach fan it natuerlik wetter- en boaiemsysteem, om dêrnei nei boppen ta troch te wurkjen. Sa slute ús netwurken en lângebrûk better oan by de mooglikheden en beheining fan de ûnderste, natuerlike laach.
- Net ôfskowe op takomstige generaasjes of oare plakken: de gefolgen fan karren wurde net ôfskood op oaren of op oare gebieten. Troch dit prinsipe ta te passen, drage wy by oan in rjochtfeardiger en duorsumere mienskip.

De lagenbenadering is in metoade om de prinsipes goed trochwurkje te litten yn romtlike karren. Sa kinne wy funksjes in plak jaan dêr't se it bêste ta harren rjocht komme, ek op 'e lange termyn, en optimaal bydrage oan oare funksjes.

Oerkoepeljende opjeften

De Oerkoepeljende opjeften binne fan belang foar alle opjeften. Se soargje derfoar dat de opjeften net ien-diminsjonaal útwurke wurde, allinnich rjochte op it heljen fan de doelstelling, mar dat se ek mearwearde opsmite foar oare opjeften én foar romtlike kwaliteit.

De Omjouwingsfyzje biedt gjin klearmakke oplossingen, mar jout rjochting oan ôfwagings op grûn fan de liedende prinsipes. De nije Omjouwingsfyzje rjochtet har op de folgjende oerkoepeljende opjeften:

- Lânskip, kultuerhistoarje en erfgoed as basis foar romtlike kwaliteit;
- Klimaatadaptaasje: wetter- en boaiemsysteem as útgangspunt;
- In feilige, sûne en ynklusive libbensomjouwing.

Lânskip, kultuerhistoarje en erfgoed

It Fryske lânskip en erfgoed spiegelje de ûntsteanskiednis en identiteit fan Fryslân. In lânskip feroaret lykwols, sa't it altyd dien hat. Wol wolle wy de Fryske lânskipstypen werkenber hâlde en weardefol erfgoed (ynkl. argeology) behâlde en fersterkje. Nije ûntwikkelings bouwe fierder op besteande lânskiplike en kultuerhistoaryske kwaliteiten en kinne dêr nije kwaliteiten oan tafoegje. Frijkommende pleatsen, tsjerken en yndustrieel erfgoed biede bygelyks kânsen foar nije funksjes.

Troch 'romtlike kwaliteit as ûntwerpbasis' te hantearjen, ferbine wy ferline, hjoed en takomst op in gearhingjende wize. Wy sette dêrby yn op de top 10 identiteitsdragers fan Fryslân út *Grutsk op 'e Romte*, dy't yn hiel Fryslân oanwêzich binne (sjoch ôfbylding).

Yn de nije Omjouwingsfyzje wurkje wy dy top 10 per gebiet fierder út. Wy sjogge sawol nei identiteitsdragers dy't beskerming fan neden hawwe, as nei kânsen om it Fryske lânskip en erfgoed te fersterkjen yn gearhing mei de driuwende opjeften.



Klimaatadaptaasje: wetter- en boaiemstelsje

Troch romtlike karren ôf te stimmen op it natuerlik wetter- en boaiemstelsje (de earste laach) fergrutsje wy ús wjerstân tsjin ekstreme waarsomstannichheden. Dêrmei kin Fryslân ek yn in feroarjend klimaat feilich en leefber bliuwe, mei in sûne boaiem en genôch skjûn wetter.

- Dat freget om in soarchfâldige ôfwaging fan aspekten lykas:
 - wetterfeiligensrisiko's yn ferbân mei Waadsee, Iselmar en oare wetters;
 - risiko's op wetteroerlêst, bygelyks by lege lizzing yn in polder;
 - foarkommen fan beheiningen foar klimaatrobúste ûntwikkeling (lock-ins), lykas it frij hâlden fan grûn dy't geskikt is foar (tiidlike) wetterberging;
 - gevoeligens fan funksjes foar drûchte en beskikberens fan genôch swiet wetter;
 - mooglike neidielige gefolgen en skea troch boaiemdelgong.

Bûtendyks of leech foar de boezem lizzende lokaasjes binne minder geskikt foar wenningbou of ferlykbere funksjes. As der nei ôfwaging fan belangen dochs foar keazen wurdt, binne passende maatregels nedich, lykas opheging, bouwen op peallen of driuwende wenten.

Feilige, sûne en ynklusive libbensomjouwing

De ynrjochting en kwaliteit fan de libbensomjouwing hat ynfloed op de sûnens fan minsken, foaral previntyf. It begjint by in goede miljeukwaliteit. Sa moat teminsten foldien wurde oan de wetlike noarmen foar ûnder oare wetter-, loft- en boaiemkwaliteit, lûd, feilichheid en geur. Bestoande miljeuknelpunten wurde safolle as mooglik sanearre. Der is oandacht nedich foar spesifike aspekten, lykas bistesykten, fynstof en gewaaksbeskermingsmiddels yn de lânbou, en feiligens en hinder by duorsume enerzjy- en sirkulêre bedriuwen. Foaral de gearrin fan boarnen fertsjinnet oandacht. Mar it giet fierder: de libbensomjouwing kin ek útnûgje ta sûn gedrach (lykas bewege) en tagonklik wêze foar elkenien, ek foar minsken mei in beheining. En in rike natuer en in moai lânskip mei erfgoed drage by oan belibbing en ûntspanning. Fan belang is dat minsken harren ûntjaan kinne en de rezjy oer harren eigen libben hawwe. By alle (romtlike) karren foar de libbensomjouwing fine wy it fan belang dat der ek sjoen wurdt nei sûnens en feilichheid, en nei it lytser meitsjen fan ferskillen dêryn.



3 Trije gearhingjende bewegings

De kontoeren foar de trije bewegings binne basearre op ús haadambysje. Dizze ambysje set yn op de provinsje dy't wy wêze wolle, nammentlik in provinsje:

- dêr't de bewenners noflik wenje en wurkje yn sawol doarp as stêd en wêr't foarsjennings berikber binne
- dêr't oeral de bining mei lânbou sichtber en merkber is
- dêr't natuer en bioferskaat ûnderdiel binne fan de leefomjouwing
- dêr't it goed ûndernimmen is troch in fitaal kennis-ekosysteem mei treflike ferbinings, en in ferskaat oan ûntwikkelmooglikheden
- dêr't de skiednis lêsbear is út it lânskip en it erfgoed
- dy't klear is foar in fossylfrije en sirkulêre takomst
- dêr't de omstannichheden fan elk gebiet de basis foarmje foar mooglike ûntwikkelings

Om dizze ambysje in fûnemint te jaan, ûnderskiede wy fjouwer **takomstrjochtings** basearre op de haadyndieling fan grûnsoarten: **sân, fean, klaai en it Waad**. De koersen binne ynjûn út de natuerlike omstannichheden wei fan elk gebiet.

De rjochting foar it **Waadgebiet** is it fierder realisearjen fan in feilich en fearkrêftich gebiet foar minske en natuer, dat feroarings fan it klimaat opfange kin en meibewege kin mei de natuerlike dynamyk.

It **klaaigebiet** is in âld gebiet dêr't de skiednis noch werkenber oanwêzich is. De lânbougrûn is fruchtber en de doarpen en stêden lizze as kompakte, griene beakens yn it iepen lânskip. Wy bouwe troch op dizze kwaliteiten.

Yn it **feangebiet** freget it behâlden fan fean en beheinen fan boaiemdelgong om oanpassings yn wetterbehear en boaiemgebrûk. Dizze maatregels kinne ynnovaasjes en nije funksjes yntrodusearje en de lânbou in takomstbestindich perspektyf biede.


De koers foar it **sâangebiet** is rjochte op in lykwichtige ûntwikkeling fan lânbou, natuer en rekreaasje. Soks betsjut it keppeljen fan in boerferskate lânbou oan robúste en fearkrêftige natuer en fariearre rekreaasje. Wietere beekdelings drage deroan by dat de funksjes op de sânrêgen genôch wetter hawwe en hâlde.

Dizze haadynset foar de gebieten liedt ta karren, dy't wy hjirnei útwurkje. Wy rjochtsje ús dêrby op boppelokale fraachstikken. Us wetlike taken en foech en (ynter)nasjonale juridyske en ferdrachsfplichtings foarmje dêrfoar de basis. Dêrneist beskôgje wy in tema fan provinsjaal belang, wannear't it oer de gemeentegrinzen hinne giet of wannear't gemeente net genôch tarisse binne om dat selsstannich op te pakken. Dat freget om in langjierrige koers dy't romte biedt om mei ûnwissigens om te gean; adaptyf dus en geregeld de finger oan 'e pols hâlde of wy noch op koers lizze.

De kursive teksten hjirnei beskriuwe de oplossingsrjochtings binnen de trije bewegings. De net-kursive teksten dêrûnder jouwe in taljochting dêrop.



3.1 Beweging 1: in sterke lânbou en natuer yn in klimaatbestindich Fryslân



Wy steane efter ús boeren en wurdearje harren yn al harren ferskaat, fan gongbere lânbouwers ta biologysk-dynamyske ûndernimmers. Dat ferskaat oan bedriuwstypen en bedriuwsfieringen⁵ – wy neame dat ‘boerdiversiteit’ – makket de agraryske sektor as gehiel fearkrêftich en robúst. Yn Fryslân wolle wy dy boerdiversiteit, it bioferskaat en de natuerlike skaaimerken fan it wetter - en boaiemstelsel op elkoar oanslute litte. Gebietseigen skaaimerken binne dêrby stjoerend foar in sterke lânbou mei genôch fertsjinfermogen. Soks betsjut ek dat wy stribje nei in goede ferhâlding tusken ikkerbou en feeteelt, passend by it gebiet, mei it each op in optimaal gebrûk fan reststreamen. Dêrtroch kin in takomstbestindige lânbou en it sluten fan kringlopen lykop gean mei natuerherstel en klimaatadaptaasje.

Wy sille ús boeren dêrby stypje, met alle middels dy’t ta ús beskikking steane. Sa stimulearje wy dat fanút de budzjetten foar grienblauwe tsjinsten langjierrige ynkkomsten beskikber komme. Sa drage gebietsrjochte maatregels, dy’t útwurke wurde yn de Omjouwingfyzik ek by oan dat doel. Dêrby passe û.o. enerzjy-opwekking en rekreatyf gebrûk, dy’t nije ynkkomsten foar grûn brûkers opleverje. Nije ûntwikkelings bouwe fierder op de Fryske lânskippen mei har erfgoed. Agrariërs hawwe in wichtige rol dêryn. Fierder hâlde wy rekken mei de betelberens fan it wettersysteem op de langere termyn. Sûnder ekstra maatregels sille by in feroarjend klimaat de kosten foar wetterbehear en de lêsten foar boargers en bedriuwen fierder omheech gean.

Wy sette ús yn foar behear fan ús besteande natuer en it beheljen fan de wetlike en fêststelde doelen. Wy ûntwikkelje it Natuer Netwurk Nederlân (NNN) neffens de besteande wetlike ôfspraken. Dêrneist moat natuer in fanselsprekkend part wurde fan al ús hanneljen. Natuerynklusyf bouwen en ûntwerpen is dêr in goed foarbyld fan, lyk as it oanlizzen fan griene daken en blomrike bjirns; dat is goed te kombinearjen mei oare opjeften, draacht ek by oan in oantreklike en sûne leefomjouwing.

Per gebiet betsjut soks it neikommende:

Foar de **Waadsee, de Iselmar en de natuergebieten op de Waadeilannen** geane wy út fan beskerming en ûntwikkeling fan de natuerlike en lânskiplike wearden; oare funksjes binne der

⁵De Lânboubeliedsbrieff 2025-2030 Noflik Buorkje yn Fryslân makket yn dit ferbân ûnderskie yn fiif ûntwikkelpaden foar de lânbou: hightech iepen systemen; duorseme systemen; natuer, lânskip en erfgoed; multifunksjonele bedriuwen; hightech sletten systemen.

mooglik as dy dêrmei te ferienigjen binne. Foar de **polders op de Waadeilannen** sette wy yn op ferbreiding fan de lânbou mei oare funksjes lykas rekreaasje en natuer - en lânskipsbehear. De Waadeilannen binne foar it grutste part oanwiisd as Natura2000-gebiet. Yn de polders op de Waadeilannen is de lânbou fanâlds ferbûn mei behear fan natuer en lânskip en mei rekreaasje; de eilanner lânbou is dêrtroch yn trochsneed ekstinsiver as de lânbou op it fêste lân. Dy ferbreiding fan de lânbou sil troch de natuerlike omstannichheden trochsette. Wy sille dat befoarderje.

Yn de **kuststripe by de Waadsee en de Iselmar** del stimme wy mei gemeenten, wetterskip en stakeholders de ferskate opjeften en funksjes yn dizze sônes op elkoar ôf: dykfersterking / kustferdigening, ferheging en fluktuaasje fan it Iselmarpeil, tagonklik hâlden fan fargeulen, takomstbestindige rekreaasje en lânbou, en ferbettering fan natuerwearden fan dizze grutte wetters (Natura2000-gebieten).

It klaaigebiet merke wy primêr oan as in lânbougebiet mei goede produksje-omstannichheden. Wy befoarderje dat de omstannichheden yn it gebiet soks stypje, binnen de algemiene regels foar miljeu, natuer, wetter en boaiem. Yn de Omjouwingsfisy wurkje wy út wat dy primêre lânboufunksje betsjut foar de ûntwikkelromte foar oare funksjes. Wy hâlde dêrby rekken mei de romte dy't nedich is foar kustferdigening y.m. seespegelstiging.

Om de gefolgen fan de fersâlting lâns de kust te beheinen, bliuwt it wetterskip dit gebiet sa lang mooglik trochspieren mei swiet wetter. Dêrneist soargje agrariërs foar it fêsthâlden fan swiet wetter en it yn stân hâlden fan swietwetterlinzen, bgl. troch in fitale boaiem en lokale wetteropslach. Lokaal kin it wetterskip peilen ferheegje; peilferleging is net tastien. Op termyn nimme de kosten fan trochspieren ta en moatte wy mei it wetterskip nei alternativen sjen. As dielen fan it kustgebiet te sâlt wurde, binne oare teelten of oare lânboufoarmen ûnûntkomber. Troch it feroarjende klimaat sille grûngebrûkers faker tydlike wetteroerlêst op leechlizzende dielen akseptearje moatte. En troch seespegelstiging sille de diken lâns de Waadsee fersterke wurde moatte. Wy hawwe in foarkar foar bûtendyks fersterkjen, as de natuerwearden dat yn it paad steane.



Wy stimulearje dat agrariërs it agrarysk gebrûk kombinearje mei boerelânfûgelbehear. Grutte dielen fan it klaaigebiet (benammen de Greidhoeke) hawwe ek in funksje foar greide - en ikerfûgels en de opfang fan guozzen as wintergasten.

Nije ûntwikkelings bouwe troch op it lânskip en syn kultuerhistoarje, sadat de bân mei it ferline fan it gebiet libben bliuwt.

Yn it klaaigebiet binne in soad kultuerhistoaryske wearden oanwêzich, lykas terpdoarpen en histoaryske diken. Dy fertelle it ferhaal fan it gebiet en binne wichtich foar it bioferskaat.

Yn it **feangebiet** beheinen wy de feanoksidaasje troch útfiering fan it Feangreideprogramma 2021-2030. Dêrby sjogge wy nei maatregels as peilferheging, romte foar selsbehear en yndividueel maatswurk en (boaiemkundige) ynnovaasjes. Wy wolle hjirmei de doelen foar it ferminderjen fan boaiemdelgong en broeikasgassen, foar klimaatadaptaasje en natuerferbettering op tiid realisearje. Yn de Omjouwingsfisy wurkje wy dat út, mei in ûnderskied nei tsjok en tin fean, klaai op fean, en tusken no, anst (2035) en letter (2050). Dêrby sjogge wy mei nei de mooglikheden fan wetteropslach yn de leechste dielen fan it feangebiet.

It feangebiet is in kaaigebiet om Fryslân klimaatbestindich te meitsjen. Yn kombinaasje mei passende funksjes kin it fertsjinfermogen fan it gebiet ferbrede wurde. Dêrby sil tagelyk ek sprake wêze moatte fan publike en private ynvestearrings, en werskikking en útruil fan grûnen. In grûnbank kin dat oanjeie en fasilitearje; mei ús partners besjogge wy wa't dêryn it foartou nimt. Ek foar pilots en eksperiminten sil romte wêze. Wy hâlde de mooglikheid fan ynnovative boaiemmaatregels iepen. Dat is ôfhinklik fan technyske en juridyske ûntwikkelings en neier ûndersyk.

Yn it **sânggebiet** fersterkje wy de gearhing tusken lânbou, natuer, lânskip, wetter en boaiem. Provinsje en wetterskip nimme maatregels foar it fêsthâlden fan wetter en wetterkonservearring. Hjirtroch kin yn in grut gebiet de grûnwetterstân omheech gean en de wetterkwaliteit ferbetterje. It sânggebiet hat in wichtige lânboufunksje. Der lizze weardefolle natuergebieten en trije beekdellings. It is ek in oantreklik gebiet foar rekreaasje. Troch ferskate drukfaktoaren buorkje dizze kwaliteiten efterút. Foar it hiele sânggebiet is fêsthâlden fan swiet wetter it devys om de gefolgen fan ferdrûgjen foar de natuer en foar de lânbou te beheinen. Dat kin û.o. troch it oanpassen fan sleaten en hegere sleatspeilen.

Yn en om **Natura2000-gebieten, beekdellings en drinkwetterwingebieten** hinne spylje spesifike opjeften. Hjir wolle wy agrarysk grûngebrûk kombinearje mei fersterking fan natuerwearden, in natuerliker wetter - en boaiemsysteem en goede wetterkwaliteit. Mei spesifike ynvestearrings en maatregels is hjir in soad kwaliteitswinst te boeken. Dêrmei hat ek de lânbou in goed takomstperspektyf. Wy sjogge bygelyks kânsen foar grienblauwe tsjinsten, én foar agrarysk meigebrauk fan natuergebiet. Mear ferwevenens tusken lânbou, natuer, wetter en boaiem wurkje wy per gebiet út. Yn dy gebieten stjoert de provinsje aktiver, bgl. fia rezjy op grûnwinning en grûnruil en fia bedriuwsspesifike doelstjoering lykas Krityske Prestaasje Yndikatoaren.

Yn de **Natura 2000 gebieten** moatte de natuerwearden ferbettere wurde. Troch in gebietsrjochte ynset fan middels en maatregels wolle wy yn 'e mande mei de lânbou de deposysje fan stikstof en gewaaksbeskermingsmiddels en de ferdrûgjen ferminderje. Yn de **beekdellings** sette wy yn op it herstel fan natuer en lânskip, yn kombinaasje mei it fêsthâlden fan wetter, it ferbetterjen fan de wetterkwaliteit en in takomstbestindige lânbou. Provinsje en wetterskip nimme ekstra maatregels foar it fêsthâlden fan wetter en wetterkonservearring. Hjirtroch kin yn in grutter gebiet de grûnwetterstân omheech gean. Benammen de lânbou en de natuer op de hegere sângrûnen, dêr't gjin wettertafier mooglik is, hawwe dêr baat by.

Peilferlegings en nije bebouwing yn de beekdellingen binne net winsklik.

Yn en om de **drinkwetterwingebieten** sil it grûngebrûk gjin ôfbrek dwaan meie oan de kwaliteit fan it grûnwetter foar de drinkwetterwinning. Yn dit ferbân fertsjinnet it brûken fan gewaaksbeskermingsmiddels omtinken. Op dit stuit docht de provinsje ûndersyk nei Oanfolgjende Strategyske Foarrieden (ASV's) foar de drinkwetterfoarsjenning op middellange termyn (2040). Dy ASV-gebieten sille wy yn de Omjouwingsfisy opnimme.

Yn **hiel Fryslân** moatte grûnbrûkers rekken hâlde mei wetter op it meanfjild as der in soad delslach falt of de boezem langduorjend heech stiet. De leechlizzende gebieten dy't geskikt binne foar (tydlike) pykwetterberging, hâlde gemeenten frij fan bebouwing. Mei it wetterskip benutte wy kânsen om de boezem te fergrutsjen of polders (tydlik) ynsette te kinnen as wetterbergingsgebiet of retinsjegebiet.

Soks soarget derfoar dat by in soad delslach de wetteroerlêst foar lânbou, natuer en oare funksjes beheind bliuwt. De regels foar wetterrobúst bouwe yn de Omjouwingsferoarding skerpje wy sa nedich oan. Fierder hâlde we rekken mei mooglike peilstigings en gruttere peilfluktuaasjes fan de Iselmar dy't it Ryk ynstelt. Dêrneist hat it Fryske boezemsysteem spesifike opjeften, lykas takomstige trochfier fan wetter, wetterberging, útwreiding mealkapasiteit; wy dogge hjir noch ûndersyk nei en sille de resultaten ferwurkje yn de Omjouwingsfisy. De realisasje fan in ekstra seegemaal by de Waadsee troch it wetterskip

freget om in gebietsrjochte oanpak. Wy jouwe yn de Omjouwingsfisy in sône oan dêr't ekstra mealkapasiteit mooglik is.

Nije ekonomyske ûntwikkelingen sille mear rekken hâlde moatte mei mooglike wetteroerlêst en wettertekoarten; dat spilet by de lokaasjekar en ynrjochting fan lokaasjes.

Op dy wize kinne grutte ekonomyske skea en útfal fan krúsjaale funksjes by waarsekstreamen foarkommen wurde.

Us ynset yn beweging 2 (sjoch hjirnei) op it ekonomysk better benutten fan de Fryske farwegen, freget om maatregels dy't boaiemdelgong yn it feangreidegebiet beheine.

Op dy wize kinne takomstige ferskillen yn boezempeil, dy't behinderjend wurkje foar de berops - en plezierfeart, foarkommen wurde.

It lanlik gebiet is boppedat wichtich foar rekreaasje/gastfrijensekonomy; yn beweging 3 wurkje wy dat út.



Wy spanne ús yn foar grienblauwe beïering (NL: dooradering) fan it agrarysk kultuerlânskip. Yn de gebieten wurkje we dit út, yn 'e mande mei agraryske koöperaasjes, natuerorganisaasjes en oare stakeholders. Dêrby hâlde wy rekken mei de sketste aksinten foar elk gebiet.

Foar alle gebieten is herstel fan de biodiversiteit in opjefte, ek yn de stêden en doarpen. Troch bûten de natuergebieten it bioferskaat te fersterkjen meitsje wy dizze natuergebieten robúster en fearkrêftiger. In grienblauwe beïering fan it lanlik gebiet, dy't natuergebieten mei-inoar ferbynt, hat dêr in wichtige funksje yn. Mei de Fryske Beamme- en boskestrategy jouwe wy dêr mei ynfolling oan.


Foar it ôfwagen fan belangen en it útfieren fan maatregels moat dúdlik wêze hokker grûnen primêr foar de natuer en hokker primêr foar de lânbou binne.

De natuerhaadstruktuer bestiet út it Nasjonaal Natuer Netwurk (NNN), mei dêryn in tal Natura2000 gebieten, de oare ornearre natuergebieten, Nasjonale Parken en de ûnderlinge ekologyske ferbinings dêrtusken. Dizze gebieten binne begrinze en beskermje en foarmje de rêchbonke fan de Fryske natuer.

De lânbouhaadstruktuer bestiet út lânbougrûnen bûten de natuergebieten en de stêden en doarpen. Yn de Omjouwingsfisy wurkje wy dat per gebiet út, mei as basis it boaiem - en wettersysteem. Dêrby hâlde wy rekken mei de ûnderskate funksjes fan lânbougrûn en de grienblauwe tsjinsten dy't agrariërs leverje kinne.

Foar dizze lânbougrûnen jildt: safolle mooglik behâld fan 'e lânboufunksje en besibbe tsjinsten lykas maatskiplik belang, rekken hâldend mei oare maatskiplike belangen as folkssûnens. By in foarnommen wiziging nei in oare funksje sil in ôfwaging foar it lânboubelang plak fine moatte, sadat lânbou net it slútstik is fan 'e ôfwaging. It publike belang fan fiedselwissigens weaget dêrby mei. Op dizze wize kinne wy goede lânbougrûnen beskermje.

3.2 Beweging 2: nei in fossylfrije en sirkulêre mienskip



De netwurken foar enerzjy, ekonomy en mobiliteit wurde mear bepalend foar wêr't hokker bedriuwen harren ûntwikkelje kinne.

Dizze netwurken foarmje de basis foar in goed fêstigingsklimaat en ús takomstich fertsjinfermogen. Wy sille se doelmjittiger benutte moatte omdat der grinzen binne oan harren kapasiteit (tink oan netkongesty). Dat jildt seker as wy oerskeakelje op in sirkulêre ekonomy en fossylfrije enerzjyfoarsjenning. Dêrom is it fan belang dat bedriuwen dy't in soad enerzjy freegje en mobiliteit feroarsaakje, telâne komme op plakken dy't goed ûntsletten binne en dêr't duorsume enerzjy beskikber is.

Sunich omgean mei enerzjy, grûnstoffen en mobiliteit

Wy sette alderearst yn op it besparjen fan enerzjy en grûnstoffen en op tûke mobiliteit. Soks soarget derfoar dat de netwurken en natuer en miljeu minder belêste wurde, en dat der minder romte nedich is.

Foar de ekonomy giet it dan oer it duorsum omgean mei produkten; bgl. troch libbensduerferlinging en op 'e nij brûken fan grûnstoffen en materialen. Foar enerzjy giet it bygelyks om it isolearjen fan wennings en oare gebouwen en om it feroarjen fan produksjeprosessen, lykas biobased bouwe.

Besteande en nije bedriuwen hawwe wol romte nedich om harren ûntwikkelje te kinnen, om sirkulêr te wurden⁶ en om duorsum yn enerzjy te foarsjen. Wy hawwe mei gemeenten regionale ôfspraken makke oer it ûntwikkeljen fan bedriuweterreinen foar mingde bedriuwigens oant 2035⁷. Dêrneist binne der ûnwisse ûntwikkelings dy't dreech te foarsizzen binne, sawol foar as nei 2035; yn de Omjouwingsfisy wurkje wy út hoe't wy hjir yn 'e mande mei gemeenten mei omgean sille.

Ek in duorsum enerzjysysteem freget mear romte. De provinsjale Enerzjyfyzje set yn op in fariearre miks oan enerzjyboarnen om yn 2050 fossylfrij en enerzjyneutraal te wêzen: duorsume elektrisiteit, gassen en waarmte. De opjefte foar elektrisiteit wurdt stapsgewijs ynfold oant 2050; foar de Omjouwingsfisy is de opwekkapasiteit dy't nedich is oant 2035 it meast relevant. Dêrneist binne foarsjennings foar transport, opslach en omsetting fan enerzjy nedich – sawol boppe - as ûndergrûnsk –, lykas ûnderstasjons om netkongesty op te lossen.

⁶ It Planbureau voor de Leefomgeving skattet op grûn fan senario's foar 2050 yn dat de sirkulêre ekonomy ta 40% mear romte fan neden hat as de lineêre (fossile) ekonomy no. PBL, Ruimte voor circulaire economie. Verkenning van de ruimtelijke voorwaarden voor een circulaire economie. Den Haag, 2023

⁷ De ôfspraken binne basearre op in fraachprognose (Louter, 2021) en slaan op besteande bedriuweterreinen mei kavelstykter as 3 bunder; yn totaal giet it om sa. 411 bundera. Dit giet om in útwreidingsfraach.

Besteande romte foar bedriuwigens en ynfrastruktuer benutte


Untwikkelromte foar (nije en besteande) bedriuwen sykje wy yn 'e mande mei gemeenten earst yn it besteande beboud gebiet fan stêden en doarpen. Wy hantearje dêrby de folchoarder: 1. optimale benutte fan de romte op besteande bedriuweterreinen, 2. útwreiding fan besteande bedriuweterreinen, 3. ûntwikkeling fan nije bedriuweterreinen.

Sa kin by de werstrukturearring fan bedriuweterreinen (milieu)romte beskikber komme. Wat aktiver provinsje en gemeenten dêrop stjoere, bgl. troch werferkaveling en útruil fan grûnen, wat grutter de romtewinst; yn de Omjouwingsfisy wurkje wy dat út. Troch funksjeminging kin ek romtewinst boekstude wurde. Sa sjogge wy yn sintrumgebieten en oanringebieten mooglikheden foar lichte, lytsskalige bedriuwigens en tsjinstferliening. Bedriuwesferpleatsing nei dizze gebieten soene gemeenten en provinsje stimulearje kinne. Dêrtroch ûntstiet romte op bedriuweterreinen. En der is minder kantoarromte nedich. Fia werskikking en transformaasje fan besteande kantoarlokaasjes ûntstiet der romte foar stedske bedriuwigens dy't mei wenningbou mingd wurde kin. It is winsklik dat in miks oan nije funksjes oanslút by it ûntsluten fan sa'n eardere kantoarlokaasje, faak ek mei OV.

In soad lytsskalige enerzjyprojekten kinne ek yn besteande stêden en doarpen realisearre wurde. Troch sels yn de enerzjy te foarsjen kin in bedriuweterrein ûnôfhinklik fan it enerzjynetwurk funksjonearje. Soks sparret romte op oare plakken en kin de netkongesty ferljochtsje.

Wy sette yn op it optimaal benutten fan ynfrastruktuer troch nije ferkears - en ferfierstechniken, it stimulearjen fan ferfier oer wetter, en troch de ûnderskate ferfiersfoarmen goed opinoar oanslute te litten. Wy wolle mei gemeenten en ferfierders mobiliteitshubs realisearje. Wy sille dy hubs yn de Omjouwingsfisy op kaart oanjaan. Mobiliteitshubs sille op de knyp punten fan ferskillende ferfierswizen/modaliteiten lizze, tichtby stedske en regionale sintra. Yn beweging 3 geane wy hjir neier op yn. Yn de mande mei gemeenten ferstekje wy de relaasje tusken ynfrastruktuer/mobiliteit en romtlike ûntwikkelings. Sa wurde funksjes dy't in soad ferpleatsings mei harren meibringe (lykas kantoaren en ûnderwiis) situearre tichtby (OV)knooppunten. En yn de omkriten fan besteande stasjons yn stêden en doarpen moatte mear funksjes komme dy't gebrûk meitsje fan de trein.

De Fryske haadynfrastruktuer is foar it oare part op oarder. Mobiliteitshubs soargje foar better gebrûk fan besteande ferbinings trochdat se oerstappen makliker meitsje. Op dy wize kin de reizger syn reis fan doar ta doar útstippelje (ketenmobiliteit).



Mearfâldich romtegebrûk

Wy ferwachtsje dat inisjatyfnimmers al by de start fan projekten foar enerzjy en ekonomy nei de mooglikheden fan funksjeminging sjogge, sawol yn romte as yn tiid (ferdielt oer dei/nacht en wurkdei/wykein).

In soad foarmen fan enerzjy-opwekking binne te kombinearjen mei oar romtegebrûk, lykas bedriuwsgedebieten, wenten, natuer en wetterberging, lânbou, parkearjen. Sinne op (nij) wetter kin bgl. in oantreklike kombinaasje wêze, ek om ekstra ynkomen te generearjen foar gebietstransysje. Troch gebieten enerzjy-ynklusyf te ûntwerpen, wurdt by de ûntwikkeling fan in stedske funksje foarsjoen yn it enerzjyferlet. Ekstinsive sinneparken mei in soad natuer kinne de ynrjochting fan sônes om kwetsbere natuergebieten hinne mei finansjere. En de kombinaasje fan sinne mei wyn en fan sinne op terreinen fan (eardere) nutsfoarsjennings is kânsryk. Ek op besteande en nije bedriuwsterreinen binne mooglikheden foar kombinearre romtegebrûk. Mei grien en wetter en in oanpaste ynrjochting kinne terreinen klimaatadaptif wurde, it bioferskaat fersterkje, en oantrekliker wurde. Dêrneist is romte winske foar opwek, opslach en konferzje fan enerzjy en û.o. foar elektryske laadynfrastruktuer. Wol moat foarkommen wurde dat funksjes as wenjen behinderings opsmite sille foar bedriuwen.

Wy benutte de mooglike oanslutpunten op it nasjonaal enerzjywurk (wetterstofbackbone, 380 kV-heechspanningslieding). Dy oanslutpunten sille wy, yn ôfstimming mei it Ryk, yn de Omjouwingsfisy op kaart oantsjutte.

Dêrmei kinne de piken en delten yn it oanbod fan en de fraach nei enerzjy opfongen wurde; soks soarget foar stabiliteit en betrouberens fan de provinsjale enerzjyfoarsjenning.

Skaal by skaal

It type en de omfang fan in bedriuw moatte passe by de stêd of it doarp (sjoch foar de kearnestruktuer, beweging 3). Wy sette yn op konsintraasje fan bedriuwens by de stedske en regionale sintra. Dat hat foardielen foar de bedriuwen, de enerzjyfoarsjenning, it brûken fan besteande ynfrastruktuer, lânskip en natuer, en foar wetter, boaiem en leefmilieu. By de gruttere stêden sjogge wy ûntwikkelmooglikheden foar in breed skala oan bedriuwen, mei aksinten op de spearpunten fan de Ekonomyske Gearwurkingsagenda Blue Delta:

- Ljouwert: wettertechnology en agrofood;
- Drachten: ynnovative makyndustry (high tech systems and materials);
- Snits: maritime technology en toerisme en gastfrijheid;
- It Hearrenfean: sirkulêre materialen dêrûnder circular plastics.

Yn 'e mande mei gemeenten jouwe wy ynfolling oan dizze ekonomyske spearpunten en meitsje wy ôfspraken oer de ûntwikkeling en útjefte fan bedriuwlokaasjes.

Foldwaande ûntwikkelromte foar kenniskampussen lykas Wetsus en Ynnovaasjekluster Drachten slút dêrop oan. De bedriuwen by de regionale sintra binne wichtich foar wurk en foarsjennings yn de regio. By de oare kearnen passe mear lytsskalige bedriuwen dy't it plattelân fitaal en leefber hâlde.

Troch ynternasjonale foarfallen is it opbouwen fan in definsje-yndustry aktueel. It is noch ûndúdlik wat dit foar Fryslân betsjuttet. Wy sille dat besjen en ferwurkje yn de Omjouwingsfisy.

Wy bringe fraach en oanbod fan enerzjy safolle mooglik by elkoar Soks ûntlêst it elektrisiteitsnet en draacht by oan in betelbere en betroubere enerzjyfoarsjenning. Yn de Omjouwingsfisy jouwe wy oan hokker foarmen fan enerzjy-opwek wêr passe kinne. Wy bepale dan ek de winske ferhâlding tusken grutskalige en lytsskalige foarmen fan enerzjy-opwek.

Der binne ferskate mooglikheden om op in lytsskalige wize yn eigen enerzjy te foarsjen, lykas sinne op dakken, in sinnefjild of wynturbine op in bedriuwsterrein, grien gas foar waarmtefoarsjenning fan bedriuwen. Dit stimulearret partikulieren en bedriuwen om harren eigen enerzjy op te wekken en dêr sels profyt fan te hawwen. Enerzjyhubbs kinne dêr in rol yn ferfolje. Wichtich is dat dizze lokale projekten goed yn de leefomjouwing passe. Dêrfoar is maatwurk troch gemeenten en lokale partijen nedich, binnen de kaders fan de Omjouwingsfisy.

Wy ûndersykje wat de effekten binne fan mono-fergisting foar ferskate agraryske bedriuwen op ien agrarysk bouverseel, op in agrolokaasje of op in bedriuwsterrein; op basis dêrfan wage wy ôf oft en wêr't dy mooglikheid yn de Omjouwingsfisy opnommen wurdt.

De lokaasje foar geotermie is lokaal maatwurk, rekken hâldend mei funksjes yn de omjouwing. Dat jildt yn it bysûnder foar de beskermingsgebieten foar drinkwetter fanwegen it risiko op fersmoarging fan grûnwetter.

Foar it ferduorsumjen fan de ekonomy, de wenningbou, de mobiliteit en selsfoarsjenning (maatskippij dy't himsels

rêde kin) is mear opwekkapasiteit foar duorsume enerzjy nedich; dat jildt benammen foar duorsume elektrisiteitsproduksje. Op de lange termyn (nei 2040/2045) kin in Small Modular Reactor (SMR) of in oare grutskalich opwekkuster dêryn foarsjen. Op syn minst oant 2035 sette wy yn op mear (tydlike) sinne - en wynenerzjy yn de provinsje.

Soks freget om ûntwikkelromte; dêrby sjogge wy ek nei it sanearjen fan besteande wyn - en sinne-enerzjy, sadat wy ferrommeling fan it lânskip tsjingeane en ta wurkje nei in pear grutte klusters. Yn de Omjouwingsfisy jouwe wy dêr op boppelokaal nivo mei sykgebieten rjochting oan om it tuskendoel foar 2035 te heljen.

By it finen/ en markearjen fan sykgebieten passe wy it prinsipe ta dat fraach en oanbod safolle mooglik by elkoar lizze, om sa opwek tapasse te kinnen as oplossing foar de netkongesty. Yn sykgebieten kin enerzjy oan oare opjeften keppele wurde.

Yn dizze sykgebieten sille de gemeenten geskikte lokaasjes fine moatte.

Ek nei 2035 leit der noch in opwekopjeft om as provinsje enerzjyneutraal te wêzen yn 2050. Wy jouwe yn de Omjouwingsfisy oan dat wy om 2030 hinne mei gemeenten de definitive kar meitsje oft it winsklik is om kearnenerzjy yn de enerzjymjûks op te nimmen.


Soks biedt kânsen om sinne en wyn bliuwend op te romjen nei it ôfrinnen fan de fergunnings. Dêrom is it fan belang dat fergunnings foar de klusters sinne en wyn tydlik binne. Dat sille wy yn de Omjouwingsfisy beneame. Fierder is it wichtich dat de opbringsten fan duorsume enerzjy yn de provinsje bliuwe en ten goede komme oan de betelberens fan enerzjy foar de ynwenners.

Om de loftmachtbasis Ljouwert hinne moat rekken hâlden wurde mei de hichtebeheining yn in straal fan 15 km. Soks smyt beheining op foar wynenerzjy. Dat biedt de mooglikheid om by it Ryk in grutter oandiel fan Fryslân yn wyn op see te claimen.

Wetterbûne en grutskalige bedriuwigens

We sette yn op konsintraasje fan wetterbûne bedriuwigens lâns de twa haadfarwegen (PM-kanaal en Van Harinxmakanaal): by Harns, Frjentsjer, Ljouwert, Burgum/Sumar, Koatstertille, Strobos/Gerkeskleaster en De Lemmer. Wy ûntwikkelje in robûste farferbining PM-kanaal, Van Harinxmakanaal, as ûnderdiel fan de ferrierskorridor Noardeast Nederlân en it Europeeske TEN-T kearnnetwurk North Sea–Baltic Corridor .

Wy sjogge lâns dy blauwe ekonomyske dragers kânsen foar it fersterkjen fan oan wetter bûne bedriuwigens op it mêd fan sirkulêre ekonomy, maritime makyndustry en jachtbou. De farwegen kinne better brûkt wurde foar it ferfieren fan it guod en de grûnstoffen; der binne dan maatregels nedich om de feiligens fan rekreaasjeferkear te garandearjen en miljeu-oerlêst foar te kommen. Hjir leit ek in link mei beweging 1, dêr't it tsjingeane fan boaiemdelgong yn it feangreidegebiet foarkomme kin dat de Fryske boezem opdield wurde moat.



Wy biede romte foar grutskalige bedriuwigens (kavels > 3 ha), lykas grutte sirkulêre bedriuwen (en high tech) makyndustry. Betingst is dat dy nije bedriuwen regionale mearwearde opsmite: se moatte it ekonomysk profyl fan Fryslân fersterkje en echt wat taheakje oan ús brede wolfeart. Yn de Omjouwingsfisy wurkje wy dat yn 'e mande mei gemeenten en stakeholders út; dêrby hâlde wy rekken mei de spearpunten út de Ekonomyske Gearwurkingsaginda Blue Delta, lykas hjirfoar per stêd oanjûn.

Sykgebieten foar grutskalige bedriuwigens lizze by Ljouwert, Drachten, Snits, It Hearrenfean en Harns⁸ⁱ. It giet om multymodaal ûntsletten lokaasje(s) yn de buert fan gruttere sintra dê't al in soad bedriuwen sitte. Binnen de sykgebieten sille provinsje en gemeenten geskikte lokaasjes oanwize en ûntwikkelje moatte.

De Lelyline

Yn de Omjouwingsfisy sille wy it meast wierskynlike trasee fan de Lelyline (bondeling mei A6 en A7) opnimme, sadat ûntwikkelings, lykas in nije 380 kV heechspanningslieding, hjir alfêst rekken mei hâlde kinne.


De Lelyline sil nei 2040 de OV-berikberens yn en nei Fryslân ferbetterje. Der wurdt noch ûndersyk dien nei it definitive trasee fan de Lelyline. De regionale ynfrastruktuer en oare trein- en busferbinings sille goed op de nije halteplakken oansletten wurde moatte.



⁸ STEC-ûndersyk nei sykgebieten foar grutskalige bedriuwigens, basearre op fêstigingsfoarkarren fan bedriuwen.

3.3 Beweging 3: Nei sterke stêden en doarpen, yn in leefber, fitaal en ferbûn Fryslân

In sterke en gearhingjende Fryske kearnestruktuer as basis



Wy sette yn op in gearhingjend netwurk fan stêden en doarpen. Nije ûntwikkelings bouwe dêrop fierder, binnen de karakteristiken fan de fjouwer haadgebieten. In robúste kearnestruktuer, dêr't alle stêden en doarpen yn ta harren rjocht komme, biedt de basis (sjoch kaart):

- in sterk Frysk netwurk fan stêden⁹, „ goed ûnderling ferbûn en oansletten op it noardlik netwurk fan stêden, foar it optimaal brûken fan de ekonomyske dynamyk, foarsjennings en synergy; hiel Fryslân sil dêrfan profitearje kinne moatte;
- fitale regio-stêden en regionale sintra, mei in wichtige wurkgelegenheids- en fersoargingsfunksje foar har omlizzende regio's;
- oare doarpen, elk mei harren eigen kwaliteiten en identiteit, dy't mei elkoar it weefsel fan in brûzjend en leefber plattelân foarmje, stipe troch in lytse Kearnen oanpak.

Foar it Frysk netwurk fan stêden binne wy útgien fan de kearnen waar een variatie aan stedse foarsjennings binne en bedriuwigens oanwêzich is. De regio-stêden en regionale sintra hawwe wy bepaald op basis fan romtlike sprieding oer de provinsje, goede berikberens, en konsintraasje fan boppelokale foarsjennings en wurkgelegenheid; de gemeenten sette yn harren belied dêr ek aktyf op yn. Harns en Dokkum binne regio-stêden, fanwege harren lizzing, omfang en spesifike foarsjennings (Harns: havenstêd oan it Waad, Dokkum: stêd yn de noardlike klaaiskyl mei in wurk- en fersoargingsfunksje foar Noardeast Fryslân). De oare kearnen hawwe in lokale wurk- en foarsjenningsfunksje, wichtich foar de leefberens fan it plattelân. Dat is in ferskaat en freget om maatwurk per kearn.

Alle stêden en doarpen moatte har nei aard, skaal en eigen ferlet ûntwikkelje kinne en goed en feilich berikber wêze. Stêden en doarpen folje elkoar oan en fersterkje elkoar út harren eigen kwaliteiten en potinsjes wei. Wenningbou rjochte op it oanlûken fan nije ynwenners fynt benammen by de stedssintra plak.

⁹ Ljouwert, Drachten, Snits, It Hearrefean.

De Fryske stêden binne oantreklike wenplakken foar alle doelgroepen. Gemeenten, korporeaasjes en merkpatrijen ûntwikkelje der in ôfwikseljend oanbod oan wenten en in ferskaat oan bedriuwen en (stedske) foarsjennings, dy't oanslute op it stedsk profyl, sadat de ekonomyske spesjalisaaasjes fan 'e stêden (sjoch beweging 2) elkoar oanfolje. Se meitsje ôfspraken oer in gearhingjende ûntwikkeling fan wenjen, wurkjen en foarsjennings, rjochte op fersterking en it profilearjen fan it Frysk netwurk fan stêden.

Yn de multyfunksjonele stedsrânen (sjoch kaartsje) sille wy mei de oanbelangjende gemeenten rezjy fiere oer romtlike ûntwikkelings. It doel is dat oantreklike stedsrânesônes mei romtlike kwaliteit ta stân komme.

Yn dizze oergongen fan de stêden nei it lanlik gebiet komme in soad opjeften by elkoar De ûntwikkeling fan stedsfunksjes (ynkl. enerzjy) giet lykop mei de oanlis fan grien, wetter en rekreaasje. Goede ûntwerpen, dêr't alle opjeften yn gearhing yn delset wurde, biede de basis foar oantreklike en doelmjittich ynrjochte stedsrânen.

Wy ferwachtsje dat gemeenten yn 'e mande mei stakeholders yn de regio ynsette op in sterke posysje fan harren regionale sintra. De oare doarpen hawwe wenningboumooglikheden foar de eigen ynwenners en doelgroepen. En foarsjennings en wurk moatte foar elkenien foldwaande berikber bliuwe. Yn de Omjouwingsfisy wurkje wy mei gemeenten út wat wenningbou nei aard en skaal yn lytse doarpen betsjut yn relaasje ta romtlike kwaliteit.

Yn de regionale sintra stimme de gemeenten it oanbod oan wenten, wurklokaasjes en foarsjennings ôf op wat nedich is foar in fitale en leefbere regio. Mei oare partijen sjogge wy yn regioferbân nei nije wizen fan berikberens en mobiliteit. Stedske en regionale sintra binne de knyp punten foar flugge OV-linen mei in goede besetting; dêrút wei is in folle fertakke ûntsluting fan lytsere kearnen mooglik, mei op maat snien publyk en privaat ferfier. Goed berikbere basisfoarsjennings binne essinsjeel foar leefbere doarpen, dêrûnder multyfunksjoneel te brûken moeting splakken. Middels in Lytse kearnen oanpak stypje wy mei gemeenten en ferskate partijen de leefberens yn doarpen.

In boustrategie foar hiel Fryslân

Yn 'e mande mei gemeenten wurkje wy in boustrategie út foar alle stêden en doarpen en nimme dy op yn de Omjouwingsfisy. Dêryn komme de gruttere ynbou - en útwreidingslokaasjes foar wenjen, wurkjen en foarsjennings te stean. Dit yn kombinaasje mei grien, wetter, rekreaasje, enerzjy. Ien en oar sille wy ôfstimme op it natuerlike wetter - en boaiemsteeem.

De boustrategie jout rjochting oan de romtlike ûntwikkeling fan stêden en doarpen. Dêrûnder falt it ûntwikkeljen fan multyfunksjonele steds - en doarpsrânen en rekreative útringebieten mei grien en wetter. Dizze rânesônes moatte stêden en doarpen better mei it lanlik gebiet ferbine. Wy sjogge ek nei mooglikheden om funksjes te mingjen, lykas bedriuweterreinen dy't mei oare funksjes en grien en wetter oantrekliker wurde kinne.



Yn de boustrategie sette wy yn op it optimaal benutten fan it besteand beboud gebiet. Wy belûke dêrby de werstrukturearringsopjefte yn stêden en doarpen: it opknappen fan wenten, it klimaatadaptif meitsjen fan de wen- en leefomjouwing, en it oantrekliker meitsjen fan wurklokaasjes en fan steds- en doarpssintra. Dêrneist bliuwe útwreidingslokaasjes foar wenjen en wurkjen nedich om it ferlet oan wenjen en wurkjen op te fangen.

Wy stribje yn dit ferbân nei in goede ferhâlding tusken ynwreiding en útwreiding. Wy sille dizze ferhâlding yn de Omjouwingsfisy opnimme.

Mei sa'n boustrategie krije gemeenten en provinsje grip op de ferstedskingsopjefte yn en om alle kearnen¹⁰: wenningbou, ekonomyske dynamyk en wurkgelegenheid, enerzjy, nivo fan foarsjennings, berikberens en OV, wetteroerlêst en swietwetterfoarsjening, natuer, lânskip en erfgoed, in sûn wen- en leefmiljeu, en boaiemdelgong.

Wenje yn sûne, leefbere stêden en doarpen

Der binne mear wennings nedich om yn de autonome fraach nei wennings te foarsjen. Dêrneist wolle wy mei ekstra wenningbou mear nije ynwenners oanlûke om de beropsbefolking en dêrmei de Fryske ekonomy op peil te hâlden; dizze ekstra wenningbou fynt konsintrearre plak yn en by de stedske sintra.

Neist oantallen is it fan belang dat de goede wenten boud wurde. En dat de besteande wenningfoarried ferbettere wurdt. In grut tal gesinswenten foar húshâldens foldocht net oan de tanimmende fraach fan ien - en twapersoanshúshâldens. In soad fan dizze wennings sille de kommende jierren frijkomme. It tanimmend tal ien - en twapersoanshúshâldens, de fergrizing en

Folkshúsfêsting is in publike taak dy't wy yn 'e mande mei de gemeenten oppakke. Wy geane út fan wenningbou nei ferlet, kwantitatyf likegoed as kwalitatyf. Fariearre bouwe mei ferskate wenningtypen draacht hjiroan by.

Fariearre wenningbou befoarderet de trochstreaming en komt temjitte oan de wenwinsken fan minsken; in substansjeel part fan de nijbouwenten moat geskikt wêze foar âlderein. Mei kreative oplossings as it optoppen fan wenten, wenningsplitsing en wenningdieling, kollektyf wenje, transformaasje en wergebrûk, kinne yn stêden en doarpen en op besteande hiemen in soad wennings realisearre wurde. Wy stimulearje bouwe mei eigentiidske kwaliteit en goede ûntwerpen. Dit sil in ympuls jaan oan in nije Fryske boukultuer. Mei in ferskaat en heechwaardich wenningaanbod kinne wy yn 'e mande mei gemeenten, korporaasjes en ûntwikkelders, Fryslân as oantreklike wen- en wurkprovinsje op 'e kaart sette. Yn it provinsjale wenplan wurkje wy dat út.



¹⁰ Wy meitsje hjiirby û.o. gebrûk fan de yn april 2025 opstelde Verstedeljikingsproposiasje Fries Stedelijk Netwerk 2050.

Spesifyk foar arbeidsmigranten ûndersykje wy mei gemeenten oft en hoe't húsfêsting by wurklokaasjes yn it lanlik gebiet mooglik is.

Flekswenten biede in oplossing foar de akute wenningfraach fan arbeidsmigranten, studinten, hastige sikers en statushâlders. Krekt lykas by 'reguliere wenten' sille dy op geskikte lokaasjes lizze moatte. Mei it each op de urginsje en tydlike húsfêsting, kinne wy ús wol foarstelle dat de easken kwa miljeubelesting, ûntsluting, ensfh., op wat leger nivo lizze.

Ek op de Waadeilannen sille foar de ynwenners foldwaande wennings beskikber wêze moatte. Fanwegen de beheinde romte en krapte oan wennings bliuwt it fan belang dat bewenners sosjaal en/of ekonomysk oan de eilannen bûn binne.

Wy stimulearje mei gemeenten wergebrûk fan frijkommende bebouwing, lykas pleatsen, troch wenjen, rekreaasje, soarch en passende foarmen fan bedriuwigens. Wy ûndersykje mei elkoar oft it winsklik is om de mooglikheden foar wenningbou op de byhearrende hiemen te ferromjen. Dêrby belûke wy aspekten as lânskip en erfgoed, sûnens en mobiliteit en ûntsluting (ek yn ferbân mei soarchferlet). Wy sille dat ferwurkje yn de Omjouwingsfisy.

Neist it bouwen fan wenten giet it om de ûntwikkeling fan in sûne en ynklusive wen - en leefomjouwing. Gemeenten nimme hjir it foartou yn. By it bouwen en ynrjochtsjen hâlde se rekken mei it beheinen fan hjittestress, en lokale wetteroerlêst, it fergrutsjen fan it bioferskaat, funksjeminging en libbenens, en in wenomjouwing dy't útnûget ta sûn gedrach moetsjen en ûntspannen. Soks freget ek om maatregels op it mêd fan mobiliteit, rekreaasje, foarsjennings, ekonomy/bedriuwigens en sosjale gearhing. Nije wenfoarmen passe dêr goed yn, lykas driuwende, modulêr boude en biobased wenten

Underlinge ferbinings en berikberens fan foarsjennings

Yn 'e mande mei gemeenten ûndersykje wy de mooglikheden foar fersterkjen fan de ûnderlinge ferbinings tusken stêden, doarpen en lanlik gebiet, en tusken ferskillende modaliteiten (OV, fyts, rinnende, auto, oer wetter); dêrûnder falt it rûntsje Fryslân, mei in robûste OV-ferbinings tusken de fjouwer stêden en oanslutings dêrop út de omlizzende regio's wei.

Nei 2040 sil de Lelyline – ynk. in folweardige ôftakking nei Ljouwert – sawol de ynterne ferbining fan it netwurk fan stêden as de ferbinings mei it noardlik en nasjonaal netwurk fan stêden ferstevigje. Soks kin ta ekstra fraach nei wennings en wurklokaasjes liede.

Wy stribje nei in 30 minutemienskip wêryn't basisfoarsjennings út alle dielen fan Fryslân binnen 30 minuten berikber binne (mei in kombinaasje fan ferfiersfoarmen).

De sprieding fan stedske en regionale sintra en oare kearnen foarmet in goede grûn om foarsjennings berikber te hâlden. Mobiliteitshubs folje dat oan en sille de berikberens fan it plattelân ferbetterje (sjoch beweging 2). Hubs kinne útgroeie ta in sosjaal knooppunt yn in doarp, wyk of regio, dêr't maatskiplike funksjes en foarsjennings by elkoar komme. *Yn de Omjouwingsfisy sille wy de hubs útwurkje en dy op kaart oanjaan.*

Gastvrij Fryslân yn alle geledingen

Wy sette yn op tûke groei yn stee fan ekonomyske groei. Wy sjogge toerisme net as doel mar as middel foar de ynwenners fan Fryslân, sadat gastfrijens in bydrage leveret oan in noflikke en sûne leefomjouwing, natuer- en kultuererfgoed, en takomstbestindige.

Op dy wize kin toerisme in rol spylje by takomstige ûntwikkelings. Tûke groei ferskilt per gebiet. Yn it iene gebiet is romte foar groei fan kwaliteitstoerisme om lokale foarsjennings yn stân te hâlden wylst yn it oare gebiet de ynset mear rjochte is op sprieding yn tiid/ferlinging fan it seizoen. Soks freget om in balâns tusken de belangen fan besikers, bedriuwen en ynwenners. Rekreatyf gebrûk fan erfgoed/frijkommende pleatsen is dêr in foarbyld fan, lykas it (wer)ûntwikkeljen fan besteande beboude plakken. Neist fanâlds de wettersport en farrekreaasje, binne kultuertoerisme, besinningstoerisme, agrotourisme en natuertoerisme, foarbylden fan rekreaasjefoarmen dy't oanslute op de kwaliteiten fan Fryslân.

Nije grutskalige (ferbliuws)foarsjennings op lân dan wol wetter fine wy ûnwinsklik. In útsûndering meitsje wy foar in foarsjening dy't in mearwearde hat foar oare opjeften. Bygelyks trochdat it ynkomsten opsmyt foar natuerûntwikkeling, of ferbettering fan de romtlike kwaliteit fan it gebiet, of ten geunste komt oan de lokale mienskip.

Wy jouwe yn dit ferbân prioriteit oan it refitalisearjen en sa nedich transformearjen fan besteande rekreative akkommodaasjes/rekreaasjekompleksen. Dat bart binnen it besteande romtebeslach, of it moat wêze dat der in kombinaasje mei oare opjeften makke wurde kin. Dêrneist is rûnom yn de provinsje ferlet fan folle mear fertakke rûtenetwurken foar kuierjen, fytsen, farren, hynsteriden, ensfh.; in foarbyld dêrfan is it iepenstellen fan boerelânpaden. De ûntsluting kin ferbettere wurde troch rûtenetwurken oan rekreative foarsjennings en kearnen te ferbinen, en troch bettere ferbinings tusken far-, kuier - en fytsnetwurken.


Wy sille de provinsjale Gebrûksfyzjes foar wetter - en lânrekreaasje yn de Omjouwingsfisy konkretisearje. Per gebiet jouwe wy ûnderskate aksinten, ôfhinklik fan lânskip (Waad, klaai, fean, sân), natuer en erfgoed, ensfh.

Dy gebrûksfisy biede, op grûn fan û.o. de lânskiplike kwaliteiten it gebiet, ynspiraasje om wetter - en lânrekreaasje in goede plak te jaan. Behinderingen foar rekreatyf meigebrûk sille wy ynventarisearje en yn 'e mande mei gemeenten weinimme. Foar it ûntwikkeljen fan dei-rekreative foarsjennings sette wy yn op "tûke groei".

Wy wolle mei gemeenten en it Ryk in ympuls jaan oan rekreaasje yn en om de stêden en dêr rezjy op fiere.

Yn de stedsgebieten is ferlet fan mear rekreaasjeromte per ynwenner en oan bettere ferbinings mei it lanlik gebiet. Tagelyk mei stedsûntwikkelings sil de hoemannichte rekreatyf grien en wetter der tanimme moatte.

Foar de Waadeilannen sette wy yn 'e mande mei de eilângemeenten yn op behearsking fan de rekreaasjedruk dy't past by de eilanner kwaliteiten fan natuer, lânskip en erfgoed. Kwaliteitsferbettering fan besteande foarsjennings en nije duorsume en lytsskalige rekreaasjefoarmen passe dêr by.



4 Ta beslút: de rjochtingjouwende kontoeren

Wy wolle soarchfâldich mei de romte omgean en de identiteit fan Fryslân oerein hâlde. Hjirby giet it net allinnich om it romtebeslach fan de opjeften. Wy hawwe ek each foar de neite fan funksjes dy't elkoar fersterkje, buffersônes tusken funksjes dy't minder goed by elkoar passe, skaaimerken fan in gebiet dy't meitsje dat de iene opjefte der better past as in oare opjefte, mooglikheden om yn de romte te steapeljen of te kombinearjen. Mei as resultaat: in leefomjouwing dêr't minsken noflik yn libje en har ûntploaie kinne en dêr't de natuer yntegraal ûnderdiel fan is. Dêrtroch hawwe fraachstikken en karren mei elkoar ûnderlinge ôfhinklikheden of ûnderlinge relaasjes troch kânsen of mooglikheden.

Ut de Beoardieling op haadlinen fan de Kontoereskets (sjoch taheakke B) docht bliken fat de foarnimmens yn de kontoereskets oer it generaal risseltearje yn in (gruttere ans op) Ferbetterjen fan de leefomjouwing. Ondanks de útstelde ynset binne de doelen en ambysjes noch net yn sicht foar alle tema's. Om de ambysjes en (wetlike) doelstellingen foar alle tema's te berikken, binne oanfoljende karren en maatregels fan neden, û.o. út te wurkjen yn de (ûntwerp) omjouwingsfisy.

Op grûn fan de sketste opjeften en oplossingsrjochtings yn de trije bewegings, komme wy gearfetsjend ta de neikommende kontoeren:

- By alle ûntwikkelings is it fertrekpunt it natuerlike wetter - en boaiemsysteem, karakteristike stêden en doarpen, weardefolle lânskippen, erfgoed en natuer, in sterke identiteit en sosjale gearhing. Wy koesterje rêst en romte, in relatyf skjin miljeu.
- Wy hantearje de kombinaasje fan in generike en in gebietsspesifike benadering. Yn de gebietsspesifike oanpak foarmje de fjouwer haadgebieten (Waad, Klaai, Fean en Sân) it fertrekpunt fan ús belied en hanneljen. De mooglikheden yn dizze gebieten wurde bepaald troch romtlike, ekologyske, ekonomyske en kulturele skaaimerken.
- Wy sette yn op it fêsthâlden fan wetter en stimme ús romtlike karren ôf op it natuerlike wettersysteem. Dêrmei spylje we yn op de gefolgen fan klimaatferoaring. Wy nimme maatregels om fersâltning en ferdrûgjen op de klaaigrûnen tsjin te gean, en om wetter op de sângrûnen en yn de beekdellingen fêst te hâlden. De Waadeilannen freegje om in eigen strategy, rjochte op it fêsthâlden fan swietwetterfoarrieden yn dûngebieten. It leechlizzende feangebiet is in skeakel tusken it klaai - en sângebiet. Hjirfoar sette wy it besteande Feangreideprogramma troch.
- Wy sette yn op mear romte foar wetter om waarsekstremen opfange te kinnen en stimulearje gemeenten om dizze romte te yntegrearjen yn harren plannen. Sawol de romte foar opfang fan pykbuien as de romte foar buffering(opslach) sil ferspraat oer de provinsje socht wurde moatte, sadat it wetter net oer lange ôfstannen transportarre hoecht te wurden nei de brûker (natuer, lânbou). Klimaatadaptaasje wurdt dêrmei yntegraal ûnderdiel fan ús leefomjouwing.
- Om it belang en de funksje fan de lânbougebieten te boargjen nimme wy yn de Omjouwingsfisy in lânbouhaadstruktuer op.
- Wy wolle in takomstbestindige lânbou en in rike natuer dy't bloeit yn al syn pracht en rykdom. Yn en om in tal gebieten kinne hjirfoar ekstra ynspannings nedich wêze fanwege de gebietsspesifike kondysjes. It giet dan om it feangreidegebiet, de beekdellingen, de gebieten om kwetsbere Natura-2000 gebieten hinne, de NNN en de drinkwetterwingebieten. Wy fiere dêr de wetlike taken út.
- Wy sette yn op mear kânsen foar ekonomyske struktuerfersterking (ekonomyske gearwurkingsagenda) foar behâld fan leefberens. Hjir biede wy passende romte foar.

- Wy fersterkje fyn fertakke OV-berikberens fan it plattelân en de stêd mei oplossings dy't by Fryslân passe. De provinsje hâldt de rezjy op in goede lizzing fan ûnder oare de mobiliteitshubs yn relaasje mei stêden en doarpen, diken en OV-ferbinings.
- Fryslân kiest foar in skeakelfunksje tusken de Rânestêd en Dútslân/Noard- en Noardeast-Europa. Boppedat sette wy yn op in foarlûkersrol op it mêd fan duorsumens en sirkulêre ekonomy. It enerzjynetwurk, de opwek fan duorsume enerzjy en de ynfrastuktuer oer lân en wetter moatte dy ynset fasilitearje. Dat freget romte, mar ek ynset op in stevich fûnemint. Dêrom sette wy yn op it better benutten fan de wetteryinfrastruktuer foar transport fan guod, as ûnderdiel fan it Europeeske TEN-T kearnnetwurk North Sea - Baltic corridor.
- Op termyn it fersterkjen fan de OV-berikberens troch it better benutten fan de besteande ynfrastuktuer en troch de mooglike oanlis fan de Lelyline.
- Wy reservearje allinnich romte foar grutskalige bedriuwigens (> 3 ha) as dat regionale mearwearde foar Fryslân opsmyt. Dêrfoar wize wy syklokaasjes oan.
- In duorsum enerzjysysteem freget mear romte. Foar de ferduorsuming fan de ekonomy, de wenningbou en de mobiliteit is mear opwek nedich. Dat betsjut ûnder oare mear tydlike wyn- en sinne-enerzjy en dêr is mear romte foar nedich. Wy jouwe dêr op boppelokaal nivo rjochting oan mei help fan sykgebieten, om it tuskendoel foar 2035 te heljen. Wy fine it fierder wichtich dat de opbringsten fan duorsume enerzjy yn de provinsje bliuwe en ûnder oare ten goede komme oan de betelberens fan enerzjy foar de ynwenners. Dêrby wurdt sanearjen ûnderdiel fan it belied, sadat wy ferrommeling fan it lânskip tsjingeane en ta wurkje nei in pear grutte klusters.
- Yn in brede boustrategie sette wy yn op in oantreklike wen- en wurkprovinsje. De klam leit op werstrukturearring en ynwreidzjen mei behâld fan genôch grien binnen de kearn. Wenningbou rjochte op it oanlûken fan nije ynwenners fynt benammen by de stedssintra plak.
- Wy sette yn op 'tûke groei' fan de gastfrijheidsekonomy. Dat betsjut dat wy fersterkje wat sterk is, passend by de aard en skaal fan in gebiet. We lizze mear klam op kwaliteit. Yn in nije, grutskalige (ferbliuws)rekreative foarsjenning sjogge wy gjin mearwearde foar Fryslân, of it moat wêze dat dy in wichtige bydrage leveret oan oare opjeften yn it lanlik gebiet.

Deze contouren zullen we in de ontwerp Omgevingsvisie gaan uitwerken. Bijlage 1 geeft alvast een aanzet voor de gebiedsgerichte uitwerkingen.



Taheakken

Taheakke 1: gebiedsgerichte uitwerkingen van de contouren

Taheakke 2: Opgaven en doelenoverzicht

Taheakke 3: Begrippenlijst

Taheakke 4: overzicht participatiemomenten

Taheakke B: Beoordeling op hoofdlijnen door Anteagroup

De taheakken binne finen op [Omgevingsvisie Fryslân | Fryslan](#)



© 2025, provinsje Fryslân

Eerste druk juni 2025

fryslan.frl

Ontwerp: provinsje Fryslân

Druk: provinsje Fryslân

Foto's: beeldbank provinsje Fryslân

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand, of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch, door fotokopieën, opnamen, of enige andere manier, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de uitgever. Voor het overnemen van gedeelten uit deze uitgave in bloemlezingen, readers en andere compilatiewerken (artikel 16 Auteurswet 1912) dient men zich tot de uitgever te wenden.

fryslan.frl